

OP IT MÊD

[1645] *Femmy Admiraal, 'Winter Ends with a Bonfire: Culture and Community in North Frisia'. Folklife, Digital Magazine of the Smithsonian Center for Folklife and Cultural Heritage, Washington (2020).*
<https://folklife.si.edu/magazine/winter-bonfire-biikebrennen-north-frisia>

Alle jierren wurdt op 21 febrewaris yn tal fan Noardfryske gemeenten it *Biikefjoer* oanstutsen. Dit koarte artikel jout njonken in persoanlike yndruk fan it barren en it dêrby hearrende feest ek in koart besprek fan de (ûnderstelde) oarsprong dêrfan, en boppedat in, foar in part oars net flatterleas, oersjoch fan it Noardfryske taallânskip yn syn algemienens (sa binne, oars as dat útholden wurdt, bygelyks al in stik as wat fan de tsien dialekten útstoarn). Is it *Biikebrennen* wier in oerâld gebrûk of hat de Sylter C.P. Hansen twahûndert jier lyn alle gearre ûnderstelde oarsprongen út 'e tomme sûgd? It artikel beanderet dy fragen net, mar leit dêrfoaroer benammen de klam op de fertuten foar it mienskiptsgefoel dy't it *Biikebrennen* hjoeddedei foar de Noardfriezen hat.

(wendy vanselow)

Us Wurk 73 (2024), s. 100-108;
<https://doi.org/10.21827/uw.73.100-108>

Riemer Janssen, Anne Popkema en Herre de Vries, bydragen yn Letterhoeke, 2020-2022.

Yn 2014 foarmen fjouwer man, Wytze Fopma, Riemer Janssen, Anne Popkema en Herre de Vries, in boek-histoaryske ûndersyksgroep ûnder de singeliere namme Pastei. Seis jier letter krigen se fan Tresoar opdracht om in yngeand ûndersyk te ferrjochtsjen nei de tsien rjochtshânskriften (seis Aldfryske en fjouwer Middeliech-saksyske) fan de ferneamde Richthofenkolleksje, de topkolleksje fan Tresoar. Yn 2022 waard it ûndersyk ôfsletten. Yn *Letterhoeke*, de trije kear jiers ferskinende útjefte fan Tresoar en Freonen fan Tresoar, waard acht kear yn in koart, foar in breed publyk ornearre stikje ferslach dien fan hyltiten wer in nije ûntdekking dy't it ûndersyk opsmitten hie. Dêryn giet it om de kontekst en de materiaaltechnyske kant en dus net om de ynhâld fan de hânskriften. Yn 2022 waard de Richthofenkolleksje opnommen yn it Nederlands Memory of the World Register voor documentair erfgoed.

(oebele vries)

Johanna Gregersen & Nils Langer, 'Assessing Language Contact: Linguistic Purism and North Frisian'. Haadstik 7 yn: Christian Zimmer

(útg.), *German(ic) in Language Contact. Grammatical and Sociolinguistic Dynamics. Berlin (2021), Language Science Press, 159-186.*

Yn in bondel oer taalkontaktsite-waasjes dêr't it Dútsk by behelle is, stiet ek in haadstik oer it Noardfrysk. It draait om taalnoarm, hjir om de fraach hoefolle Dútske ynfloed oft (noch) akseptabel wêze kinne soe, en wat dan de autoriteit wêze moatte soe dy't dêroer giet. Soksoarte diskusjes wurde miskien oeral wol fierd, mar by lytse talen binne se driuwender om't field wurdt dat it fuortbestean fan 'e taal dermei anneks is. Greger-sen en Langer ûnderskiede trije diskusjedomeinen: suver akademysk (him hjir konsintrearjend op it *Nordfriesisches Jahrbuch*), min ofte mear wittenskiplike publikaasjes foar in algemien publyk (it fearnsjermagazine *Nordfriesland*) en ynformele bydragen, de lêste helle fan Facebook. Se yllustrearje ien en oar mei de romte oan foarbylden, dy't sjen litte dat op alle mêden rekliken en persizen har hearre litte. It wurdt opfallend fûn dat akademisy har ek yn dit koar minge, wylst sokken oars grutbrocht binne mei de doktrine dat alle taal en talen lykweardich binne en dat talen no ienris feroarje.

(siebren dyk)

Lysbeth Jongbloed-Faber, 'Frysk op sosjale media: de bottom-up taal-emansipaasje fan de 21ste iuw?', De Vrije Fries 102 (2022), 50-57.

Jongbloed-Faber fettet yn dit artikel

de wichtichste resultaten fan har proefskrift (fan 2021) noch ris gear. De sintrale fraach dêryn wie hokker ynfloed it brûken fan sosjale media hat op de fitaliteit fan it Frysk. It brûken fan it Frysk is fan tal fan faktors ôfhinklik, útsoarte fan 'e eigen site-waasje, lykas thústaal, omgongstaal mei freonen, taalhâlding en skriuwfeardigens. Mar ek fan it medium. As bekend is dat de ûntfanger it lêze kin, dan wurdt earder Frysk brûkt (WhatsApp) as by in anonimer algemien publyk (Facebook). It Frysk wurdt oars minder tapast as talen as it Welsk of it Iersk. Neffens Jongbloed-Faber komt dat meidat dy mear ynstitúsjonalisearre binne, dat ek in hegere skriuwfeardigens opsmyt. Likegoed is se optimistyk. Friezen skiuwe no troch de leechdrompeligens fan 'e sosjale media faker as earder yn it Frysk en se tinkt dat soks troch dy oefening him ek útwreidzje sil nei oare skriftlike domeinen.

(siebren dyk)

Herre de Vries, 'De narcisbinderij van meesterboekbinder Roelof Hunia (1722-1803). Onderzoek naar de achttiende-eeuwse boekbanden uit de Richthofenkolleksje', Jaarboek voor Nederlandse Boekgeschiedenis 30 (2023), 191-217.

<https://doi.org/10.5117/JNB2023.009.VRIE>

De Richthofenkolleksje, de samling fan tsien Aldfryske rjochtshânskriften dy't hjoeddedei ien fan 'e kroanjuwielen is fan Tresoar, is opheden mar wakker yn 'e beneaming. Foar-

dat Karl Freiherr von Richthofen de boeken oerkocht, wiene se yn besit fan 'e Ljouwerter notaris Petrus Wierdsma. Ut dit artikel blykt dat dy der al sunich op wie, want hy liet it grutste part op 'en nij ynbine. Fan de nûmers 1 oant en mei 4 kin De Vries yn dit slim technyske artikel oantoane dat dat barde by de Friese Prijsbinderij yn Ljouwert. Nûmer 5 waard ûnderbrocht by de Narcisbinderij, al lyksa yn Ljouwert. It bysûndere fan dit artikel is dat de auteur der fia in omwei ek efter kaam is wa't de fakman fan dat lêste stikje ambachtskeunstwurk west hat: Roelof Hunia (1722-1803). Mear sneupwurk smyt op dat dy ek de eigner fan dy binerij west hat en dat er dêr ek goed fan libje koe.

(siebren dyk)

rymwurdboek.nl

It hat grif al lang op in soad langlisten stien en no is it der dan dochs: it Frysk hat in rymwurdboek krigen. It is in ûnderdiel fan it platfoarm *frysker*, en dat is yn safier geunstich dat der op 'e rymjende risseltaten trochklukt wurde kin foar alle gearre neiere ynformaasje oangeande it oanbelangjende wurd (alleast, as dat wurd net al te pitertuerlik is). It rymwurdboek wurket oer it generaal treflik, alhoewol't in besprek útfûn dat it yn in pear gefallen ek stûket

(<https://neerlandistiek.nl/2023/11/frysk-rymwurdboek-knap-stik-wurk/>).

Hoe dan ek, hiele kloften Fryske rymmelders sille hjir hiel bliid mei wêze,

en miskien ek noch wol in hantsjefol fonologen.

(siebren dyk)

Sannah Debreczeni, Joana Duarte & Mirjam Günther-van der Meij, 'Potential New Speakers of Frisian in Educational Settings – Implicit and Explicit Attitudes in Learning a Minority Language'. Haadstik 8 yn: Jasone Cenoz & Durk Gorter (útj.), The Minority Language as a Second Language. Challenges and Achievements. New York (2023), Routledge, 159-189.

Ut 'e literatuer is bekend dat it by it learen fan in nije taal in positive hâlding foar de nije taal oer o sa helpt. Yn dit ûndersyk is de taalhâlding ûndersocht by earsteklassers yn it fuortset ûnderwiis. Der wiene trije skiften: fan hûs út Frysktaligen, Nederlânsktaligen en ymmigrantebern. De taalhâlding gong ek yn trijen: net allinne foar it Frysk oer, mar ek Nederlânsk en Ingelsk waarden meinaam. Boppedat waard it begryp taalhâlding opspjalt yn eksplisyt (dêr't je oer neitinke kinne) en ymplisyt (mear ûnbewust).

It resultaat is rûchwei dat de Frysktaligen noch wol in posityf byld ha fan it Frysk, ek al hâldt dat net iens safolle oer, mar dat de Nederlânsktaligen en ymmigranten negatyf binne. Dat is in probleem foar it Frysk, om't minderheidstalen der belang by ha dat der ek sprekkers by komme dy't de taal fan hûs út net meikrige ha. In lytse bystúdzje smiet

boppedat op dat de hâlding fan 'e PABO-studinten sels ek net oerhâldt. De ûndersikers dogge dêrom de oprop om by de lessen Frysk ek apart omtinken te nimmen foar de hâlding by de learlingen foar de taal oer.

(siebren dyk)

Arjen Versloot, Kees Nieuwenhuijsen en Rob van Eerden, 'De relictien van de taal in Noord-Holland (3e-8e eeuw)'. Haadstik 11 yn: Johan Nicolay & Rob van Eerden (útjs.), Noord-Holland in het 1e millennium, 2 dln. Zandvoort, BLKVLD Uitgevers (2023), 738-775.

https://collectie.huisvanhilde.nl/noord-holland_in_het_eerste_millennium.aspx

Yn in út archeologyske rûnten wei rynsk opset boekwurk oer de skiednis fan Noard-Hollân yn it foarste milinnum komt ek in haadstik oer de taal foar. Dy kin neffens de auteurs as Frysk rekonstruearre wurde. Folle boarnemateriaal is der nammentlik net. Mar wol binne der plak- en persoansnammen, en dy wurde wiidweidich behannele. It meastepart fan 'e plaknammen einiget op "heem" of "ingi", mar der binne ek dy't mei in twadde part as "lo" (boskjeboel), "geest" (hegere grûn) of "broek" of "moer" (fean, sompe) wat sizze oer de grûn.

De oerlevere persoansnammen binne fan Germaansk komôf. Se tsjutte faak populêre eigenskippen oan, de measten yn 'e kriichshaftige sfear. Letter komme ek tanammen op, faak oantsjuttings fan de famylje

of it wenplak, soms ek bynammen. De paragrafen oer de nammen wurde foarôfgien fan in tige lêsbere ynlieding oer de taal, mei ûnder oare in goed tagonklik oersjoch fan 'e ferrijings yn it Anglo-Frysk. Oanrekkommandearre, al wie it mar om 'e fraaie opmaak. En it boek is ek noch ris fergees del te laden.

(siebren dyk)

Julia Schlüter & Günther Rohdenburg, 'End-weight at Its Most Dynamic. Prosodic Prominence as a Factor Promoting Morphophonological Marking', NOWELE 76-2 (2023), 153-202.

Soms binne der artikels dy't jin de eagen iepengean litte. De Dútske auteurs litte hjir sjen dat de einichste posysje fan in sin iepen stiet foar swierdere konstituinten as ornaris. Dat wie út 'e syntaksis al wol bekend ("Heavy NP-shift"), mar hjir leit de klam op morfofonologyske eleminten. Ien en oar wurdt wiidweidich sjen litten oan 'e hân fan ferskynsels út 'e skiednis fan it Ingelsk en Plat-Dútsk, mar ek Frysk komt oan 'e oarder, benammen it Sealtersk. Sa kinne sterke foarmen fan guon tiidwurden in ekstra schwa krije, en dan krije we dus pearen as *wuud/wude, stúud/stude* of *hied/hiede*. De even koart neamde ferskynsels út it Westerlauwersk Frysk oertsjûgje minder. De superlatyf yn *dit is myn moaiste* waar en de emfatyske útgong *-en yn hy is in grutten liger* binne net ôfhinklik fan 'e posysje yn de sin: se ha no ienris fan harsels dy swiere foarm.

Wat net neamd wurdt, mar wat mooglik wol ûnder it effekt falle kinne soe, is de swiere útgong *-ste* fan 'e twadde persoan iental. Heart ... *datst(e) dat dien haste* net folle natuerliker as *do haste dat dien?* Dit idee moat mei help fan in korpus al of net te befêstigjen wêze. De auteurs brûkten sels bygelyks ek lêstekens lykas punten en fraachtekens om harren data op it spoar te kommen.

(siebren dyk)

Henk Wolf (útj.), Saterfriesische Beobachtungen. Festschrift zum Anlass des 50-jährigen Bestehens der Gemeinde Saterland. Gemeinde Saterland (2023).

It fyftichjierrich bestean fan 'e gemeente Saterland hat foar Henk Wolf de oanlieding west om in foech feestbondel gear te stallen. It kreas útjûne boekje hat in fjirtichtal bydragen, dy't yn 120 siden in plakje fine moasten. It giet dus om allegearre koarte stikjes, dy't yn 'e measte gefallen yndied net boppe it stadium fan "Beobachtungen" útkomme kinne, ek al binne dy soms yntrigearjend genôch. Opfallend is dat foar sa'n lyts taaltsje de list fan meidoggers likegoed noch 16 nammen hat. Njonken Henk Wolf sels binne Eric Hoekstra en Bouke Slofstra de grutlevêrânsiers; dy beiden binne fansels ek de auteurs fan 'e *Sprachlehre des Saterfriesischen* (2023; sjoch ek it besprek yn it foarige nûmer fan UW). De stikjes binne opdield yn: taalskiednis, lûden, wurdskat, nammen, grammatika, taalgebrûk en taal-

ûnderwiis. It boek slút ôf mei "Lesetipps" en in "Autorenverzeichnis".

Utsoarte kinne net alle bydragen yn dit koarte bestek behannele wurde, mar in stikmannich binne it grif wurdich om neamd te wurden. Sa ha Heike Schoormann en Jörg Peters hiel koart it Sealter fokaalsysteem by de kop, dat fanâlds sels trije lingen sjen liet. Dat is oan it feroarjen: it Sealtersk giet oer nei in simpele tsjinstelling fan lang foar koart oer. Hiel moai is it stik fan Stephen Laker. Hy brûkt nije boarnen dy't oantoane dat de anlautende *w* yn alle gefal yn it dialekt fan Scharrel earder yndied bilabiaal útsprutsen is.

Yn 'e ôfdieling 'Wortschatz' jout Bouke Slofstra oan 'e hân fan wurdfoarmingspatroanen in moai oersjoch fan 'e ferskillende typen skelnammen yn it Sealtersk. Yoïn van Spijk lit sjen dat it Sealtersk unyk is binnen de Germaanske talen meidat it as ienichste it wurd *Soaks* foar 'mês' bewarre hat. En Henk Wolf hâldt út dat Sealtersk *fuul* en westerlauwersk *folle* in oare etymology ha as Nederlânsk *veel* en Dútsk *viel*.

Yn 'e grammatikale ôfdieling wurdt frijwat romte jûn oan ferskynsels dy't út in Frysk of sels Nederlânsk perspektyf wei net sa bysûnder binne, mar útgeande fan it Heechdútsk wol: nomenynkorporaasje, de IPI-konstruksje (mar it Sealtersk hat gjin ymperatyf, mar in ynfinityf), it ferhâldingswurd *fon* dat in direkte rede ynljiedt, it bywurd *gans* dat bûgd wurde kin (lykas *hiel* yn it Westerlauwersk Frysk ek) en it grammatikale wurdje *der* of *deer* as yn 'der

waas insen aan Kening'. Nijsgjirriger is dêrom miskien de obstrewaasje fan Eric Hoekstra en Henk Wolf dat de getallen twa en trije net allinnich twa foarmen ha dy't har rjochtsje nei manlike (*twäin/träi*) c.q. froulike en neutrale haadwurden (*two/t(r)jo*), mar dat dat ûnderskied him foar it meastepart ek yn wurdfoarmingspatroanen hanthavenet. Wolf wiist ek noch op in oar útsûnderlik bûgingsferskynsel. De eigenskipswurden *hooch*, *oold* en *groot* ha nammentlik in ôfwikende komparatyf (*hager/aller/gratter*), wylst de superlatyf al regelmjittich is. Neffens him is sa'n konstellaasje wrâldwiid unyk te neamen; it liket dan ek gjin stân hâlde te kinnen. En good old Pyt Kramer lit sjen dat de doetiid fan *je*-tiidwurden yn it Sealtersk noch altyd in *d* sjen lit, bygelyks yn *moakede* 'makke'. Mar dy âlde *d* is wol oan it ferdwinen, dat it Sealtersk begjint datoangeande no mear op it Westerlauwersk Frysk te lykjen. 'Die langen Formen wie *iek/hie moakede* und *wie moakeden* finden wir vor allem, wenn das Verb extra betont wird oder wenn es unmittelbar vor einer Pause oder am Satzende steht,' sa skriuwt Kramer op p. 75. En soks docht jin dan fuortendaliks tinken oan it hjirfoar behannele artikel oer 'Endweight at its most dynamic' fan Schlüter en Rohdenburg.

(siebren dyk)

De Vrije Fries 103 (2023)

It jierboek fan Frysk Genoatskip en

Fryske Akademy hie yn 2023 it tema 'Tweeduizend jaar Friezen en hun landschap'. Yn it foarste part fan syn bydrage 'To mannis liif and to landis legere: lichaam en landschap in middeleeuws Friesland' (pp. 36-47) jout Han Nijdam dêryn omtinken oan de metafoaryske relaasje tusken lichem en fysike omjouwing fan 'e minske. It twadde part giet oer in pear hyltyd weromkommende termen yn rjochts-teksten dy't eins woartele binne yn dy syn romtlike oriïntaasje, mar dy't har ûntjûn hawwe ta in soarte fan juridyske termen. It giet dêrby om 'e útdrukking *stal habba*, om it twatal *forth* 'foar' en *urbek* 'efter', en oer it begryp *njar* 'neier'.

In romtlike of lânskiplike ynstek hat ek Rymke Schuurmans har artikel 'Zoeken naar nederigheid. Een eco-kritische lezing van de poëzie van Obe Postma' (pp. 108-127). It is in útwurking fan in Uterter skripsje yn 'e nearlandistyk. Ekokrityk wurdt troch har omskreaun as 'de studie van de relatie tussen literatuur en de fysieke omgeving'. Schuurmans wol benammen besjen ynhoefier oft Postma syn ienwurden mei it lânskip bydraacht oan it ekologysk bewustwêzen by de lêzer. Neffens har sit dat net sa lyk yn in polityk-aktivistyske hâlding by de dichter. Postma syn poëzij stiet yn 'e tradysje fan it pastorale, en as dat bedrige wurdt siket er foar it behâld earder syn taflecht ta in Al-Geast. Mar al hat Postma syn dichtsjen in ekologyske wearde yn 'e wize hoe't er nei de wrâld sjocht: nederich yn 'e sleatswâl de natuer waarnimmend sa't dy is, en

net hoe't de minske der mooglik eksploitearjendewei gebrûk fan meitsje kin.

(siebren dyk)

V. Tams Jörgensen & Antje Arfsten, Snaak Friisk! Interfriisk Leksikon. Bräist/Bredstedt, Nordfriisk Institut (2023).

Dit alderaardichste boekje krige syn premjêre al yn 1977 en is sûnt ferskate kearen wer oplein. V. Tams Jörgensen sette dêryn, op 'e alfabetyske basis fan it Dútsk, wurden fan 'e Noardfryske farianten fan it Mooring, Fering/Öömrang, Sölrang en Halunder njonken inoar en folle dat oan mei de oerienkommende foarmen yn it Westerlauwersk Frysk, Deensk en Ingelsk. It boekje is no ûnder hannen naam troch Antje Arfsten. Hja wreide de samling út fan 777 ta 950 yngongen, skraسته dêrby de meast pitertuerlike en ferfong dy troch mear gewoane begripen as 'famke' of 'bôle'. Boppedat wreide se de talefoarried út mei it Wiedingharder Frysk en it Platdútsk. Alles meiinoar steane der no dus mar leafst tsien kolommen njonken inoar. Op deselde foet wurde apart ek nochris de foarmen fan 'e ûnregelmjittige tiidwurden presintearre. Eltse taalfariant hat boppedat efteryn ek wer syn eigen alfabetyske yndeks. Sa lit it *Interfriisk Leksikon* dus op in prachtige wize de foarmerykdom fan it Frysk sjen. Ien beswier is oars wol te meitsjen: it is no wol hiel bot út Noard-Fryslân wei tocht. Om it wier ynterfrysk te meitsjen

soene eins ek de noch libbene tongslaggen fan Sealterlân, Hylpen, Skylge en Skiermûntseach taheakke wurde moatte. Om 'e romte moat dat kinne: it boekje gewoan in kwartslach draaie en it dan oblong útjaan.

(siebren dyk)

Ruth Kircher, Ethan Kutlu & Mirjam Vellinga, 'Linking Language Attitudes, Ideologies, and Revitalisation. Evidence from New Speakers of West Frisian', Applied Linguistics (2023). <https://doi.org/10.1093/applin/amad045>.

Foar it fuortbestean fan minderheidstalen is it net allinnich wichtich dat de taal oan in nije generaasje trochjûn wurdt, mar ek dat der nije âldere sprekkers bykomme. Yn Fryslân binne dêrta AFUK-kursussen yn it libben roppen. No docht út dit artikel oars bliken dat de grutste helte fan 'e kursisten de taal allinnich mar better ferstean wol. Mar dy't it ek wier prate wolle, dy wurdt it net maklik makke, sa't út 'e antwurden op 'e iepen fragen bliken docht. Sokken binne útsoarte al ûnwis, en krije ferfelende reaksjes as se in geef wurd brûke dat de memmetaalsprekker net noasket. As it teminsten al safier komt dat dy Frysk praat, want faker as net is dy dan al lang oergien op it Nederlânsk. As útkomst fan it ûndersyk sil de AFUK mear omtinken jaan oan dizze problematyk, want it komt no tefolle foar dat de kursist net fierder komt mei Frysk praten as inkeld op 'e kursus sels. Foar de autochtoanen soe it

helpe dat dy de nijeling wat mear oanmoedigje en wat stadiger en dúdliker prate soene.

(siebren dyk)

Taalportaal.org

It Taalportaal (sjoch taalportaal.org) is útwreide. Hie it yn 'e oarspronklike opset in grammatikale beskriuwing fan it Nederlânsk, (Westerlauwersk) Frysk en Afrikaans, no is der mei it Sealtersk in fjirde leat oan de stamme bykaam. Auteurs binne Eric Hoekstra en Bouke Slofstra. De beskriuwing is net rjocht sa wiidweidich as dy fan it Westerlauwerske Frysk, mar de mannen hiene ek aardich minder tiid, dêr't se yn 'e ynlieding nammers ek oer kleie. Soks sil der grif ek de oarsaak fan wêze dat in ôfdieling oer fonology mist. Mar morfology (ek wurdfoarming) en syntaksis binne fertsjintwurdige, dat sa kinne Ingelsktaligen dy't muoite ha mei Hoekstra en Slofstra har *Sprachlehre des Saterfrieschen* (2022; sjoch ek it besprek fan Lena Terhart yn UW 72 (2023), 186-189) ek op 'e hichte komme. De grammatikale ôfdielings wurde begelaat troch in Introduction, dy't it Sealtersk ek histoarysk pleatst binnen de bredere Germaanske en Fryske kontekst, en dy't ek koart yngiet op 'e hjoeddieske sosjale posysje fan 'e taal.

It Westerlauwerske part fan it Taalportaal hat oars ek in útwreiding ûndergien. Yn de ôfdieling oer wurdfoarming miste noch altyd it part oer gearsettingspatroanen. Dêr is no ûnder de aparte neamer 'Composi-

tions' yn foarsjoen. Dêr binne ek in pear patroanen by dy't yn 'e literatuer oant no amper of gjin omtinken krige ha, lykas de adverbiale gearsettingen dy't besteane út in bywurd of in haadwurd plus in ferhâldingswurd (as yn *dwersoer* of *streamop*) of komplekse ferhâldingswurden as *efteryn*. De ôfdieling einiget mei syntetyske komposita lykas *trijetsjiller* of *langskonkich*. Hjir wurde 11 patroanen ûnderskaat, dy't soms in haadwurd, mar meastal in eigenskipswurd opsmite.

(siebren dyk)

Jan Don, Fenna Bergsma, Anne Merkuur & Meg Smith, 'Inflectional Classes without Class Features', Acta Linguistica Academica 70 (2023), 355-371.

It Frysk hat twa klassen fan swakke tiidwurden. Mar hoe kinne wy witte ta hokker klasse in tiidwurd heart? Oant no ta is tocht dat dat eins wat tafallichs is: tiidwurden fan klasse I ha domwei in oar skaaimerke taparte kriegen as dy fan klasse II. En as dat sa is, dan is in teoretyske riddenearring dat der yn 'e grammatika dus ek in aparte morfologyske komponint wêze moat.

Dit knap technyske artikel besiket in oplossing foar it probleem te jaan en kiest dêrfoar it ramt fan 'e nanosyntaksis. De auteurs miene dat 'omfang' beskiedend is foar it slach bûging dat keazen wurdt. Se hâlde út dat de stammen fan tiidwurden fan klasse I 'grutter' binne as dy fan klasse II. Klasse I hat in ynherint skaai-

merk dat foar klasse II apart útstaverre wurde moat. Dat bart troch wat de auteurs it morfeem -I neame. It stiet yn 'e notiid foar it tempus, en yn bygelyks de foarm *wurkje* komt dat dan oan it oerflak as [j], en yn 'e doetiid stiet it foar tempus, tal en doetiid, en dan sjogge we it yn *wurken* ferskinen as [ə]. De bredere teoretyske konklúzje is dat de ôflieding dêrmei oan 'e syntaksis oerlitten wurde kin. Wol skynt der in probleem te wêzen mei de twadde persoan iental. Dat wurdt spitigernôch net al te helder útlein, mar der wurdt oankundige dat de oplossing komt yn in ferfolch-artikel. Wêr't men dan as lêzer noch wat mei sitten bliuwt, is de fraach hoe't wy witte kinne wannear't dy 'omfang' lytser of grutter is. In ûnôfhinklik kritearium wurdt dêrfoar net jûn, sadat it der op liket dat jo mei in omwei úteinliks dochs wer by dat klasselidmaatskip útkomme.

(siebren dyk)

Waling Dijkstra, De Winskhoed fan Fortunatus / De Wenshoed van Fortunatus. Besoarge en ynlaat fan Abe de Vries. Warkum (2023), DeRyp. [FA-nûmer 1140, Idunarige 13].

Yn dit boek wurde op 'en nij de trettjin ferhalen útjûn dy't Waling Dijkstra yn 'e jierren 1851-1853 ûnder it pseudonym Japik Japiks publisearre yn *De Fryske Húsfreon*. Se waarden byinoar holden troch dy winskhoed, dy't it de skriuwer mooglik makke om ûngemurkenwei syn ferhaalfigu-

ren te obstrewearjen en ôf te harkjen. Bysûnder binne de motto's dy't boppe de ferhalen steane en dy't wat sjen litte fan 'e belêzenheid fan Dykstra yn foaral de Nederlânske literatuer fan syn eigen, mar ek fan earder tiid. De ferhalen binne troch útjouwer De Vries allegearre oerbrocht yn 'e nijste stavering en boppedat, mei syn ynlieding, ek oerset yn it Nederlânsk. Dat smyt meiinoar 281 siden op yn in ek fierders prachtich fersoarge boek.

Yn syn ynlieding giet De Vries wakker yn 'e pleit foar de moralistyske en realistyske skriuwerij fan Dykstra, dêr't neffens him benammen nei de oarloch wat op delsjoen waard fanwegen de otterdoks-protestantske eftergrûn fan in stikmenich literatuerwittenskippers 'dy't har steurden oan de polemisk en satirysk toansette liberale religykryk fan guon fan Dykstra syn teksten' (De Vries neamt yn dit ferbân de nammen fan Gerben Visser, Ype Poortinga en Tony Feitsma). Yn eigen tiid waarden de ferhalen lykwols troch sokken as De Haan Hettema en Harmen Sytstra wakker priizge, en ek letter hie immen as Reinder Brolsma se noch tige heech. De Vries lit oars sjen dat Dykstra it wol opnaam foar de earmoedzjende plattelânsbefolking, mar dat er dat net fuortdaliks fertaalde yn politike aksje. Safolle feroare der dus nei it revolúsjejier 1848 ek wer net. Yn 'e lêste paragraaf giet er neier yn op Dykstra syn literêre wurkwize en styl.

(siebren dyk)